

Ofslankklup

in koekje by de thee dat moattst ferbiede	C	G
gjin swiete frisdrank lykas seven up	D7	G
noait mear it fleis yn fette bûter briede	C	G F# Em
dat binne slogans fan myn ôfslankklup	A7	D7

ik wol net fetter		G
ik fiel my better	B7	Em
inkeld wat wetter	G7	C
dat is fertroud	E7	Am
by't iten heart ek		F
gjin stikje bred spek	B7	Em
ik bin gjin fetsek		A7
mar wol stevich boud		D7

kearsang:

en freedts tsjin fiven
by al dy wiven
mei dikke liven
fiel ik my goed
ja, alle pine
kin dan ferdwine
adrenaline
streamt wer yn myn bloed

kearsang:

as wy ús wage
de grutte frage
haw ik myn mage
te bot bedoarn
en falt it oardiel
sa yn myn foardiel
dat'k my in oar fiel
dan is 't libben skoan

kearsang: